

Foarsitter, dit húske, sels boud, jim herinnerje jim dat miskien noch fan foarich jier. Doe ha ik de boustiennen op de grûn smiten by myn pleit om **no echt wurk te meitsjen fan goedkeape hier en keap foar ús jongerein en lytsere wenten en de saneamde Knarrenhoven foar ús âlderein.**

### **Petsje ôf foar de wentebou yn 2023**

Ik ha efkes hifke wat dêr oant no ta oan dien is: Inkelde projekten dy't no sa goed as of hielendal klear binne: útwreidingsplan Bakhuzen, Boslust Balk, Jachtkamp Bantegea, Broek-Súd, Tramdyk-Oost Lemmer, Nij Sân Rottum.

En fierder dêr't wy al in beslút oer nommen ha Aldehaske (19 wenten), Eastersee West (9 wenten), De Polle Lemmer (28 wenten), Tramdyk Lemmer Fase 3 (75 wenten), Skarkamp/Finne De Jouwer (46 nije sosjale hierwenten).

En dan noch: CPO Aldemardum (10 wenten), Wyldehoarne Fase 4 De Jouwer (136 wenten), Dubbelstraat Balk (8 wenten) en Park Sevenwolden De Jouwer (50 wenten), âldereinwenten oan de Blauhofsleane en oan de Koarte Ekers op de Jouwer.

Sa efkes wat plannen dy't we fine koene. Dit giet de goede kant op. Fan 'e moarn stie yn de LK dat De Fryske Marren yn de top 3 stiet fan it tal boude wenten yn 2023. In komplimint foar de portefúljehâlder en de amtners. Mar salang't der noch ferlet is fan wenten, sille wy as FNP altyd de finger oan de pols hâlde en dan sil ik ek elke kear noch myn húske meinimme. Tagelyk sille we ek kritysk sjen nei de Húsfestings- en Urginsjeferoardening.

### **Ophâlde mei dy gifspuiterij**

Behâld fan ús romte en natoer, dat is foar de FNP tige wichtich, ynsette op kwaliteit ynstee fan kwantiteit! Dat jildt fansels net allinnich dit jier. Dat moat yn ús eagen altyd de noarm wêze. Gjinnepanielen yn de iepen romte of op it wetter, de bolleteelt benammen fan leeljes brûkt in soad gif, je kinne it ek gewasbeskerming neame, mar de wetterkwaliteit fan de Sminkefeart seit hiel wat oars. Ophâlde mei dy gifspuiterij. Boeren om utens keapje hieltyd mear lânbougrûn op yn De Fryske Marren foar leeljeteelt, wat de FNP oanbelanget moat dat oars, ek al sil dit wetlik net maklik wêze.

### **En minsken FAN DE ISELMAR BLIUWE WE ÔF!!**

#### **Evenemintebelied: meitinke yn stee fan nee sizze**

We moatte in ienfâldiger belied ha, oanfragen foar itselde evenemint moat herhelle wurde kinne, wol dan net mei in update. We sille it evenemintebelied miskien regionaal oanfleane moatte mei help fan de provinsje. Wy tinke dan oan 1

oansprekpunt, in soarte fan meitinker ynstee fan in neesizzer. Wy hoopje dat der gau in evenemintebelied komt dêr't frijwilligers, ûndernimmers en hoareka mei út de fuotten kinne. Wy ha der wol ideeën oer hoe dat der útsjen kin. Oars tinke we der oer om sels mei in inisjatyfútstel te kommen en dat kin prima yn oparbeidzjen mei mear fraksjes, wy witte dat KFM der krekt sa yn stiet.

### **Benijd nei it Frysk Taalbelied**

We binne benijd nei it Frysk Taalbelied, we sille as dat nedich is graach meitinke. Ien foarbyld: in kâns kin wêze om de bewizing fan it nije gemeentehûs yn it Frysk te dwaan. It moat der dochs op 'e nij komme, dus it kostet neat. De FNP hat al wat foarwurk dien.

### **Noed oer finansiering grutte projekten: graach yntegraal oersjoch**

Foarsitter, wy ha noed oer alle grutte projekten dy't no rinne en noch (miskien) op ús ôfkomme. We ha it dan oer de ferbou gemeentehûs, it Brûsplak, MFC Balk, SV Donia, fúzje fuotbalklups de Lemmer, Turnhal de Lemmer en miskien ferjit ik ek noch wol wat.

De FNP wol graach in berekening wat dat ús allegear kostjen giet sawol de ynestearring as de eksploitaasje. Wy wolle graach witte wat foar ynfloed dizze bedragen op ús oare belied is. Wat foar effekt hat dit op op de WMO, op de ekonomy, toerisme en ûnderhâld yn de gemeente. Mei oare wurden, hat in Brûsplak op de Jouwer effekt op de húshâldlike help fan ús âlderein? In MFC yn Balk hat dat effekt op it ûnderhâld fan fytspaden, wetter en brêgen? We wolle in yntegrale ôfwaging meitsje en as we dizze projekten aanst moanne op moanne yn de ried krije kinne wy net sjen hokker effekt dat op ús gemeentlike beurs hat.

### **It Frysk is in opstekker foar toeristen, je wane je yn it bûtenlân**

Rekreaasje en toerisme, foar de ekonomy fan de Fryske marren tige wichtich. Wat de FNP graach sjen wol dat ynsetten wurdt op kwaliteit en seizoenferlingjende rekreaasje. Dat alles mei net ten koste gean fan ús iepen romte en útwreiding moat socht wurde yn en oan de besteande bebouwing. Ek it Frysk kin in grutte opstekker wêze, want wat is der no moaier om as toerist in frjemde taal te sjen, je wane je yn it bûtenlân.

Wer 't we wach op wêze moatte is it brûken fan wenten, dy't net bestimd binne foar rekreaasje, mar opkocht wurde as twadde wente. Langwar, Terherne, Hylpen binne hjir foarbylden fan. Ek binne we benijd hokker plannen no yn de perspektyfnota komme. Mei it ôfservearjen fan de ferheging fan de toeristebelesting kin gâns minder, bestege wurde oan toerisme. De hiele sektor, mar foaral de lytsere plannen fan ûnderop, lykas de oanjeiers fan de Tsjûkemar, binne hjir de dupe fan.

### **Dus wat wolle we it kolleezje meijaan:**

- Ynvestearje yn wentebou
- Wês hoeden mei ús lânskip en natoer, gjin sinnepanielen yn iepen romte of op wetter, en hâldt op mei de gifspuiterij yn de bolleteelt.
- Kom mei in linich en ienfâldich evenemintebelied, wy tinke graach mei.
- Nim by de ferbou fan it gemeentehûs it Frysk mei.
- Graach in berekening fan de ynvestearingskosten en eksploitaasjekosten fan de rinnende en kommende projekten en wat dêr de gefolgen fan wêze kinne foar oar belied
- Graach sjen litte wat der noch mooglik is foar inisjativen yn de rekreative sektor, no't de toeristebelesting net ferhege is troch dizze ried.

31 jannewaris 2024

Gerda de Vries